

De dregens fan it learen fan it Frysk yn kaart brocht

Reitze Jonkman en Jurjen Kingma

(Lektoraat Frysk en Meartaligens oan de hegeskoallen NHL-Stenden)

1. Ynlieding oer fraachstelling, Europeesk Referinsjeramt en databestân: de Frisiatoets

1.1. De sintrale fraachstelling

It ûnderwizen fan it Frysk hat al in lange skiednis; al foar de Twadde Wrâldoarloch koe de taal op de legere skoalle leard wurde oan de learlingen. Folle letter waard it in ferplichte fak yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Ek yn it heger ûnderwiis en it folwoeksene-ûnderwiis wurde alle feardichheden fan it Frysk dosearre. Dêrmei waard der hieltyd mear opset by it meitsjen fan goede metoaden om it Frysk by te bringen. Foar de didaktyk is fan grut belang om de stof op it nivo oan te bieden dat by de learling past en de learling dêrnei stap foar stap fierder te bringen. It taalkundich ûndersyk kin it ûnderwiisfjild helpe om it ynstapnivo fêst te stellen en de fierdere stappen by it oanlearen út te setten. Foar it Nederlânsk en in soad oare talen is dat al dien, mar net foar it Frysk. It is taalkundich en ûnderwiiskundich nijsgjirrich de dregens fan it learen fan it Frysk yn kaart te bringen. Wy besykje dêrom yn dit artikel op de neikommende fragen in antwurd te jaan: Hoe kinne de yn dregens oprinnende stappen foar it learen fan it Frysk yn (taalkundige) kategoryen fêststeld wurde?

- a. Hoe kinne de oprinnende stappen yn dregens sa objektyf mooglik metten wurde? (subparagraaf 1.2 en 1.3)
- b. Hokker (taalkundige) kategoryen binne makliker en hokker (taalkundige) kategoryen binne dreger foar it Frysk om oan te learen? (paragraaf 2)

Wy hâlde ús earst dwaande mei in algemien beskriuwingsramt dat der op rjochte is om yn sa objektyf mooglike bewurdigen it yn de macht hawwen fan in taal fêst te stellen: it Europeesk Referinsjeramt. De stappen dy't dêr yn bean wurde, wurde brûkt foar it beäntwurdzjen fan de fraach hokker kategoryen makliker dan wol dreger oan te learen binne. Dat wurdt dien troch in sekondêre analyze fan it databestân fan de earste Frisiatoets dy't ôfnommen is ûnder learlingen fan it basis- en fuortset ûnderwiis.

1.2. Europeesk Referinsjeramt

Foar it oanjaan fan in objektyf nivo foar de behearsking fan in frjemde taal hat de Ried fan Europa it saneamde (Mienskiplik) Europeesk Referinsjeramt (tenei ERR) betocht. It yn steat wêzen om op in bepaald taalnivo te prestearen wurdt fêststeld oan de hân fan de saneamde ‘Ik-kin-bescriuwings’. In levere taalprodukt as bygelyks in koarte notysje, in sprekebeurt, in sollisitaasjebrief en in wittenskiplike lêzing binne bewizen fan tanimmende behearsking fan in bepaalde taal. De nivo’s wurde werjûn mei A₁, A₂ (basisbrûker), B₁, B₂ (ûnôfhinklik brûker) en C₁ en C₂ (feardige brûker). Sy jouwe dêrmei dus in oprinnende skaal fan de dregensgraad fan it oanlearen fan in taal oan. Sa wurdt it A₁-nivo omskreaun as wat immen mei in beheinde behearsking yn ‘e macht hat: in pear maklike grammatikale konstruksjes, sinspatroanen, bekende nammen, wurden, oanlearde basissinnen as bygelyks “Hoe is it mei jo?”, “Ik hjit Piter”, ensfh. A₂ is al wer wat dreger, want dan beskikt de brûker oer in repertoire fan elemintêre taal dat him yn steat stelt mei foarsisbere alledeistige situaasjes om te gean. Hy besiket om sels nije sinnen te meitsjen en brûkt bepaalde maklike konstruksjes goed, mar makket noch stelselmjittich elemintêre fouten – bygelyks troch ferskillende tiden trochinoar te brûken. De toetsingsramten lykas dy fan Anglia foar it Ingelsk en it Referinsjeramt (Nederlânske) Taal (Commissie Meijerink 2008) binne op in soortgelikense wize opboud. Wy ferwize dêrom dêr by de behanneling fan de fragen ek nei.

1.3. It databestân: Frisiatoets

1.3.1 De konstruksje

Foardat wy oan de feitlike sekundêre analyse begjinne, is it earst needsaaklik koart op de datasamling troch de earste Frisiatoets yn te gean (sjoch ek Jonkman 2015).

By de konstruksje fan de Frisiatoets is nei foarbyld fan de Angliatoets (Teacherbook Anglia 2009) in kar makke út fêste útdrukkingen, ferlytsingswurden, meartallen, mar ek syntaktyske konstruksjes dy’t de indikatoaren foarmje fan de ERR-nivo’s. Ut de literatuer oer oare talen is bekend om hokker (sub)kategoryen oft it giet (Van Dale Nederlands NT2 en Van Dale Engels). Der wie lykwols noch net bekend hoe’t dat foar it Frysk is. Neffens dy foarbylden binne foar it Frysk soortgelikense items keazen. Dy foarmje om samar te sizzen “hypotezen” dy’t de earste ferkenningsen stjoer jaan moasten. It lykje de wurden te wêzen dy’t hearre by de ienfâldige wurdskat fan telwurden, kleuren, dieren, lichemsdielen, persoanlike en besittlike foarnamwurden, de ûnfolsleine no- en doetiid fan de meast frekwinte tiidwurden, ensafuorthinne. Dy wurde it earste

oanleard: it A1-nivo. Foar de nivo's dêrbope moatte der ek wer kwa dregens ekwivalinten yn de test opnommen wurden, lykas dregere konstruksjes mei helptiidwurden en ôfslutende mulwurden en frekwint idioom: it A2-nivo. Noch dreger binne konstruksjes mei de tiidwurdlike eingroep yn haad- en bysin en minder frekwint idioom: it B1-nivo. Fierder moat men der by it Frysk as minderheidstaal op betocht wêze dat de dominante taal Nederlânsk in rol spilet by it ferkringen fan Fryske wurden yn de sprektaal, dy't dêrom minder frekwint binne en dêrtroch dreger om oan te leren. Dêrom is nei oanlieding fan de Ingelske en Nederlânske foarbylden rekkene mei de eigen spesifike eigenskippen fan it Frysk by de foarming fan in earste testbatterij fan items. Yn desimber 2012 oant en mei febrewaris 2013 is yn oerlis mei dosinten Frysk oan in testferzje fan 100 items wurke. It doel fan dit eksploratyf ûndersyk wie ûnderfining en ynsjoch op te dwaan foar in falide en betroubere mjitting fan de behearsking fan it Frysk mei in Anglia-achtige wize fan toetsing (sjoch tabel 1), sadwaande 'Frisiatoets'.

Tabel 1: Foarbylden fan it soart fan fragen yn de Frisiatoets

De opdrachten binne op in Anglia-achtige wize oan de proefpersoanen oanbean: de learlingen moasten it ferkearde dan wol it goede antwurd út in rychje fan fjouwer mooglikheden kieze.

Foarbyld:	
1.	Wat wurd betsjut itselde as 'dreech'?
<input type="checkbox"/>	maklik
<input type="checkbox"/>	swier
<input type="checkbox"/>	droech
<input type="checkbox"/>	dream
2.	Wat wurd betsjut it tsjinoerstelde fan 'nocht'?
<input type="checkbox"/>	tsjinsin
<input type="checkbox"/>	aardichheid
<input type="checkbox"/>	wille
<input type="checkbox"/>	noflik
3.	Wat wurd past der net tusken?
<input type="checkbox"/>	ik
<input type="checkbox"/>	do
<input type="checkbox"/>	him
<input type="checkbox"/>	wy
4.	Hy giet jûns net sa let _____ bêd.
<input type="checkbox"/>	op
<input type="checkbox"/>	nei
<input type="checkbox"/>	fan
<input type="checkbox"/>	út

De seleksje fan 100 wurden yn de testset is oan in breed gearstalde stekproef fan 447 learlingen (Frysktalich $n=207$ en net-Frysktalich $n=240$) út it basisûnderwiis (boppebou) en de basisfoarming en de boppebou fan it vmbo-GT fan it fuortset ûnderwiis foarlein. Dat útrutsen trajekt fan respondinten yn de leeftyd fan 10 oant en mei 16 jier en de ferskillende skoaltypen joech de mooglikheid ta in soad fariaasje yn de hichte fan de skoares.

1.3.2 Seleksje 60 items en bepaling sesueren referinsjenivo's

Mei statistyske analyzes binne fan dy 100 items de 60 meast geskikte items útkeazen (sjoch foar dy seleksje Jonkman 2015). Dy items nimme regelmjittich yn swierte ta (sjoch persintaazjes goed yn taheakke 1). Sy foarmje mei-inoar in sterke skaal (Cronbach's Alpha 0,91). Yn dy skaal fan 60 items binne de trije te mjitten nivo's (A1, A2 en B1) ynhâldlik te ûnderskieden yn 3 x 20 items. Foar de earste 20 items (Chronbach's alpha 0,83), de middelste (CA 0,87) en lêste (CA 0,74) wurdt der fan útgongen dat dy respektyflike nivo's dêr in yndikator fan binne. Wêr't de sesueren tusken dy nivo's foar de feitlike yndieling komme te lizzen, is oan de hân fan de behelle skoares fan de learlingen útmakke.

Foar dy neiere yndieling fan de 60 items is sjoen nei de referinsjenivo's lykas dy't by de eintoets Nederlânsk brûkt wurde neffens F-(=funksjonele) nivo's. De kommisje Meijerink is ta in yndieling kommen dy't basearre is op skoares fan in toets dy't ôfnommen waard by learlingen út groep 8 (Roeleveld en Béguin 2010: 10). Dy kommisje koe foar dy bepaling gebrûk meitsje fan lanlik bekende sifers, dy't foar it Frysk ûntbrekke.

De yndieling foar it Frysk is op grûn fan de behelle skoares fan learlingen fan groep 8 mei Frysk as memmetaal, omdat it nivo dat troch harren helle wurde kin as it heechst helbere beskôge wurde mei. Yn de stekproef wienen 25 learlingen fan ferskillende plattelânsskoallen mei trijetalich ûnderwiis (Frysk-Ingelsk-Nederlânsk) fertsjintwurdige. (sjoch tabel 2)

Tabel 2: Yndieling ERR-nivo's Frisiattoets parallel oan F-nivo's Meijerink

F(funksjoneel) Nivo	helle troch respondinten by ûndersyk Meijerink	ERR-Nivo	helle troch respondinten pilot-Frisia (n=25)	helle fan de 60 items by pilot- Frisia	Foarstel yndieling punttrajekt
<0F*	9,6% net helle	< A1	8%	Maks. 14 (op A1- items)	0-14
0F*	Minimumnivo troch 90,4% helle	A1	92%	Min. 15 (op A1- items)	15-27
1F	Fûneminteel nivo troch 75,4% helle	A2	80%	Min. 28 (op A1- A2-items)	28-41
2F	Streefnivo troch 51,3% helle	B1	48%	Min. 42 (op A1- A2-B1- items)	42-53
2F+*	Ekspertnivo troch 10,6% helle	B1+	10%	Min. 54 op A1-A2- B1-items)	54-60

* Us oantsjutting, RJ en JK

De kommisje Meijerink bepaalde it startnivo troch de sesuer te lizzen by it nivo dat troch likernôch 75 prosint fan de learlingen fan groep 8 helle wurdt: it earste Funksjonele nivo 1F (donker griis arsearre yn tabel 2). Dat korrespondearret mei A2 op ERR-nivo. De legere en de hegere nivo's wurde hjir mei yn ferbân brocht troch oanfoljende persintaazjes as basis oan te nimmen. It minimumnivo wurdt op sa'n 90 prosint fan de learlingen steld (troch ús hjir 0F neamd dat korrespondearret mei A1) en it Streefnivo (dat lyk stiet oan it 2F-nivo en korrespondearret mei B1). Oan de twa utersten fan de skaal bliuwt 10 prosint oer foar de learlingen dy't it minimumnivo net helje en 10 prosint dy't ta it Ekspertnivo (boppe 2F) reitsje: 2F+. De persintaazjes fan Meijerink binne tapast op de steekproef Frisia fan de Frysktalige learlingen fan groep 8. By it startnivo komt it oandiel út op it wenstige persintaazje fan 80. Learlingen dy't ûnder dat nivo skoarden binne op A1 pleatst, learlingen dêrboppe op B1. De boppeste 10 prosint komt op B1+ út. It byhearrende S-nivo wurdt boppe dat nivo set: B1+ (mei de teoretyske ûnderbouwing is de skaal ûntwurpen oant it nivo B1). As dy yndieling trochlutsen wurdt nei de yndieling op de behelle skoares fan de 60 items, ûntsteane der punttrajekten lykas yn de rjochter kolom fan tabel 2 neamd.

2. De sekundêre analyze: de dregens fan de kategoryen

2.1. De útkomsten

It berekkenjen neffens de boppeneamde regels smiet in hierargyske list fan 60 items op. Op grûn fan de goed beântwurde fragen én it passen yn de dielskalen fan A1, A2 en B1 binne dy items yn sets fan 20 op de trije nivo's yndield (sjoch taheakke 1). Dêrmei is de dregens fan de trije sets apart fêststeld. Dêrmei sil hjir de fraach nei de (taalkundige) kategoryen beântwurde wurde. Wy hawwe de oerienkommende items út de list neffens it ERR-nivo byinoar set.

Tabel 3: Yndieling 60 items yn (taalkundige) kategoryen op ERR-nivo

Kategory	Fariabelenûmer Fraach	Antwurden (fet is goede antwurd)	ERR- nivo
Telwurden	F01 Hoefolle krúskes steane hjir: X X X X X X ?	ien sân trije tsien	A1
	F02 Wat is de som fan 5 + 5 + 5 + 1 ?	sechtich sechtjin trettjin tritich	
Kleur	F04 Wat wurd past der net tusken?	gjel grien read rest	A1
Fraachwurden	F08 _____ is it gemeentehûs?	hoe wannear wêr wêrom	A1
	F15 Wat wurd past der net tusken?	wannear wêr wêrom wier	
Persoanlike/ besitlike foarnamwurden	F03 Wat wurd past der net tusken?	do jimme maae sy	A1
	F06 Hy komt nei _____ keamer ta.	dyn do ik sy	
Lichemsdielen	F14 Wat wurd past der net tusken?	ear noas mûle skonk	A1
(frekwinte) Tiidwurden (ynfinityf, notiid, doetiid, mulwurd, befeljende foarm)	F13 Wat wurd past der net tusken?	rint sjocht stiet wie	A1
	F19 _____ do dat dan ris in kear!	Doch Die Dien Dwaan	
	F20 _____ ús no!	Help Helpe Helpt Holpen	
	F17 Hy wol gjin rommel oer de flier _____ ?	seach sjen sjend sjoen	
	F16 Hy wurdt mei de auto nei hûs _____ ?	bringt bringen brocht brochten	
	F05 Wat wurd past der net tusken?	fiskje lizze sitte stean	

Primêre oantsjuttingen fan folume, tiid, waar, grutte, leeftyd	F09 Wat wurd past der net tusken?	rein reis snie sinne	A1
	F10 Wat is it tsjinoerstelde fan 'heech'?	fol koart leech tin	
	F11 Wat is it tsjinoerstelde fan 'âld'?	hyt min nij swak	
	F07 Hoe let is 1.30 oere?	healwei ienen, healwei twaen , ien en in healoere, trettjin oere	
	F12 Wat is it tsjinoerstelde fan 'juster'?	earjuster hjoed moarn tsjintwurdich	
	F18 Wat wurd past der net tusken?	hjerst maitiid july simmer	
((minder) frekwinte) Tiidwurden (modaal, doetiid, mulwurd en folchoarder)	F31 Jim kinne wol nei hûs _____.	fytsen fytst fytse fyts	A2
	F32 Ik mei fan ús mem net _____ yn de winkelstrjitte.	fytse fytst fytsen fytsend	
	F33 Wy sille moarn by ús pake en beppe _____.	yt ite iten itend	
	F41 Ik moat myn fyts _____.	fine kinne , fûn kinnen, kinne fine, kinne fûn	
	F47 Wat wurd past der net tusken?	fytse holle ride rinne	
	F34 Juster _____ ik tsiis op de bôle.	Die dien doch dwaan	
	F36 Mei in soad lijen haw ik de ko wer _____.	Fangt fangen fongd fongen	
	F37 Hy hat him net út _____.	laitse laitsje lake laket	
	F35 Hy wist net oft er dat wol fan syn mem _____.	keapje mocht , kocht mocht, mei keapje, mocht keapje	
	F38 De man hie sjoen dat de jonge it hiele ein ____.	fytse hie, fytst hie , hie fytsen, hie fytst	
Regelmjittige ferlytsingswurden	F21 Wat ferlytsingswurd is ferkeard?	blomke klokje kopje leppeltsje	A2

Brekking by meartal	F25 By wat wurd is it meartal ferkeard oanjûn?	stoelen skoallen hoeken boaten	A2
Unregelmjittich iental	F26 By wat wurd is it iental ferkeard oanjûn?	skoen bear bern skiep	A2
Minder frekwinte tiidoantsjuttingen	F48 Wat is it tsjinoerstelde fan 'oaremoarn'?	earjuster hjoed justermoarn moarn	A2
	F49 Wat is it tsjinoerstelde fan 'nije wike'?	âlde wike, dizze wike, fan 't wike, ferline wike	
(Frekwintere) útdrukkingen en taaleigen	F45 Hy hat it net drok; hy hat it wol ____ tiid.	by de, yn oan op	A2
	F46 Wat is it tsjinoerstelde fan 'wurch'?	sûnder sliep, sûnder wearde, útrêst útteld	
	F51 Wat betsjut 'grutsk op'?	jaloersk op, skamje foar ûngerêst oer, wiis mei	
Bynwurd	F29 Ik wit net ____ hy dien hat.	wat hokker dit dat	A2
Bywurd	F50 Dy grouwe auto is ____ te grut foar dy garaazje.	fier fiersten folle fols	A2
Ferlytsingswurden mei ferkoarting en brekking	F22 Wat ferlytsingswurd is ferkeard?	doartsje eachje stjerke wurdasje	B1
	F23 Wat ferlytsingswurd is ferkeard?	foetsje húske skyfke stedsje	
	F24 Wat ferlytsingswurd is ferkeard?	bóltsje fearke húske stuoltasje	
Unregelmjittich meartal (troch brekking)	F27 Wat meartal past der net tusken?	beammen bern skiep skuon	B1
	F28 By wat wurd is it meartal ferkeard oanjûn?	deien kij manlju wegen	

Minder frekwint taaleigen	F30 Syn kompjûter hat in grut _____.	toetsebord toetseboard toetseboarde toetseboerd	B1
	F52 Syn heit en mem hawwe him net goed _____.	grutbrocht grutmakke opfierd opfoeden	
	F53 Wat is it tsjinoerstelde fan 'besykje'?	besite bringe jin ynspanne oerjaan prebearje	
	F54 Wat betsjut itselde as 'nea'?	dit kear net, foar alles, foar altyd, noait in kear	
	F55 Wat wurd past der net tusken?	bot net nochal tige	
	F56 Oan no ta gie it ferkeard; _____ moat it wol better.	dêrfoar doe earder tenei	
	F57 Wat wurd(en) betsjut(te) itselde as 'ferneamd'?	hiel bekend , hielendal fergetten yynnimmend, ûnbekend	
	F58 Jantsje, Pytsje en ik gienen _____ nei de winkel ta.	allinnich mei-inoar , mei syn beiden, tegearre	
	F59 Hy wie ôfgrysluk _____ nei it sjen fan dy spannende film.	opwynd opwine opwinend opwûn	
F60 Wat wurd past der net tusken?	dreech slim snoad swier		
Folchoarder mei trije tiidwurden	F42 Hoe hast dat no _____?	dien kinne, dien kinnen, dwaan kinnen , kinne dwaan	B1
	F43 De man hie it net fan himsels, mar hat it _____.	hearre sizzen, sein heard sizze hearren, sizzen heard	
	F44 De fuotbalclub hat dat _____.	kinne winne, kinne wûn winne kinne, winne kinnen	

Minder frekwinte konstruksje	F39 De motor _____.	begjint samar te rinne, begjint samar te rinnen gie samar rinnen, giet samar rinnen	B1
Untrochsichtige doetiid	F40 Wat past der net tusken?	Hy prate Jim stappe Sy kapte Wy fytsten	B1

2.2. Besprek

De measte kategoryen binne neffens ús ferwachting yndield: telwurden, kleur, lichemsdielen en primêre oantsjuttingen fan alledeistige dingen komme allegear op it A1-nivo út. De persoanlike en besittlike foarnamwurden sitte meast ek op datselde nivo, mar de ôffallen – en dus net yn de tabel opnommen – enklityske foarm fan ‘er’ (fan ‘hy’) skoarde bygelyks mei syn 36 prosint safier fan it nivo fan de maklike foarmen fan de persoanlike foarnamwurden ôf, dat dy op it A2-nivo útkaam. (sjoch F01 o/m F20).

Ek de ferlytsingswurden litte in fariearre byld sjen. It wurd ‘kopje’ (F21) skoart op it A2-nivo, mar ‘doartsje’ ‘foetsje’ en ‘bôltsje’ (F22, F23 en F24) sitte op it B1-nivo. By trije fan de fjouwer items kin de lûdferoaring by ferlytsing (byg. ‘fuotsje’ wurdt as “fwotsje” útsprutsen) in rol spylje. By de meartalsfoarming liket de ûnregelmjittichheid fan de foarmen noch in gruttere rol te spyljen. ‘Stoelen’ (F25) is op A2 yndield mar ‘beammen’ (F27) mei as ôflieders ‘bern’, ‘skiep’ en ‘skuon’) en ‘deien’ (F28 mei ‘kij’, ‘manlju’ en ‘wegen’ as ôflieders) steane op B1.

De maklikste foarmen fan de tiidwurden sieten op A1, mar de wat dregere lykas de items F31, F32, F33 en F41 mei it helptiidwurd fan modaliteit (kinne, meie, sille, moatte) komme op it neistfolgjende nivo út, lykas de goede (griene) folchoarder fan twa tiidwurden yn de bysin (F35 en F38). De dreechste items sitte op it heechste, it B1-nivo: de folchoarder mei it helptiid ‘hawwe’ mei twa tiidwurden (F42, F43 en F44). Itselde jildt foar it brûken fan ‘begjinne te’ yn plak fan ‘gie(t)’ yn in geeffryske konstruksje (F39).

By it taaleigen is de dregens by it oanlearen nei alle gedachten foar in grut part oan it ferskil yn frekwinsje ta te skriuwen en dan benammen yn it brûken yn de sprektaal. ‘Oan tiid hawwe’ (F45) en ‘wurich’ (F46), mar ek ‘grutsk’ (F51) wurde wol faak yn de mûle nommen – en dêrmei A2 –, mar ‘besykje’ (F53), ‘nea’ (FF54), ‘tigel’ (F55) en ‘ferneamd’ (F57) wurde benammen as skriuwtal brûkt en sitte dêrom op B1-nivo.

2.3. Konklúzje

De konklúzje fan dizze earste eksploraasje is dat der yndie in hierargy fan kategoryen items te meitsjen is, mar dat binnen dy kategoryen noch oare saken as frekwinsje of oare kategoryen lykas brekking in rol spylje kinne. De ûndersteande tabel is in gearfetting fan de útkomsten yn grutte halen. Fierdergeand ûndersyk sil ta in yngeandere yndieling komme moatte.

Tabel 4: Yndieling (taalkundige) kategoryen op ERR-nivo

telwurden, fraachwurden, kleuren, persoanlike en besitlike foarnamwurden, primêre oantsjuttingen as lichemsdielen, ienfâldige en frekwinte (foarmen fan) tiidwurden	A1
modaal helptiidwurd mei ynfinityf, mulwurd fan sterke tiidwurden, tiidoantsjuttingen, ienfâldige ferlytsingswurden, frekwint sprektaleigen, regelmjittige meartalsfoarming	A2
frekwint skriuwtaleigen, folchoarder fan twa tiidwurden yn de ingroep en minder frekwinte tiidwurdskonstruksjes, dregere ferlytsingswurden en ûnregelmjittige meartalsfoarming.	B1

3. Ofsluting

Mei dit eksplorative ûndersyk foar de Frisiatoets is in begjin makke om ûnderfining mei en ynsjoch yn de beskriuwing yn objektivere termen te krijen, foar wat de dregens fan it oanlearen fan it Frysk oanbelanget. Der is in foarriedich antwurd jûn op de fraach hoe't mei help fan (taalkundige) kategoryen de oprinnende stappen fêststeld wurde kinne. Op grûn fan de Ik-kin-beskriuwingen fan it Europeesk Referensjeramt is in sa objektyf mooglike yndieling mei de A1- en A2-nivo's en it B1-nivo makke. De útkomsten komme foar in part oerien mei dy fan oare talen as it Ingelsk, mar dochs binne der spesifike Fryske dingen as bygelyks brekking dy't in beskaat item yn in kategory dreger meitsje. Dêr sil noch yngeander ûndersyk nei dien wurde moatte. Yn alle gefallen kinne dizze earste útkomsten fertuten dwaan by de opset fan learmetoaden op de basisskoalle en foar it fuortset ûnderwiis. Seker kin dy oanpak ek tapast wurde by it adaptive learen mei digitale kursusprogramma's dy't de learling stap foar stap nei in heger behearskingsnivo fan it Frysk liedt.

> **Literatuer**

Anglia (2009), *Handbook for teachers*.

<http://www.anglia.org/central-documents/category/15-teacher-handbook>.

Commissie Meijerink (2008). *Over de drempels met rekenen*. Enschede.

Jonkman, R.J. (2015). *De samenstelling van de Frisiatoets; een taalkennistest voor Fries*. Rapport lectoraat Fries & Meertaligheid Leeuwarden.

Raad van Europa (2001) zie Nederlandse Taalunie (2008), *Gemeenschappelijk Europees Referentiekader voor Moderne Vreemde Talen: Leren, Onderwijzen, Beoordelen*. S. Pl.

Roeleveld, J. en A. Béguin (2010), *Normering van referentieniveaus in het basisonderwijs*. Amsterdam: SCO-Kohnstamm Instituut van de Faculteit der Maatschappij- en Gedragwetenschappen, Universiteit van Amsterdam (SCO-rapport nr. 825, projectnummer 40339).

Van Dale Grammatica Engels (2011). Utrecht.

Van Dale Grammatica Nederlands (NT2) (2011). Utrecht.

> **Taheakke 1 Frisiatoets fragen, antwurden en ERR-yndieling (n=447)**

Fariabelenûmer Fraach	Antwurden (fetset goede antwurd)	Persintaazje goed	ERR-nivo
Fo1 Hoefolle krúskes steane hjir: X X X X X X X ?	Fo1 ien sân trije tsien	98	A1
Fo2 Wat is de som fan $5 + 5 + 5 + 1$?	Fo2 sechtich sechtjin tretjtjin tritich	98	A1
Fo4 Wat wurd past der net tusken?	giel grien read rest	93	A1
Fo8 _____ is it gemeentehûs?	hoe wannear wêr wêrom	93	A1
Fo6 Hy komt nei _____ keamer ta.	dyn do ik sy	90	A1

F03 Wat wurd past der net tusken?	do jimme maai sy	85	A1
F14 Wat wurd past der net tusken?	ear noas mûle skonk	85	A1
F15 Wat wurd past der net tusken?	wannear wêr wêrom wier	85	A1
F17 Hy wol gjin rommel oer de flier _____ ?	seach sjen sjend sjoen	85	A1
F05 Wat wurd past der net tusken?	fiskje lizze sitte stean	83	A1
F10 Wat is it tsjinoerstelde fan 'heech'?	fol koart leech tin	83	A1
F16 Hy wurdt mei de auto nei hûs _____ ?	bringt bringen brocht brochten	83	A1
F11 Wat is it tsjinoerstelde fan 'âld'?	hyt min nij swak	82	A1
F13 Wat wurd past der net tusken?	rint sjocht stiet wie	81	A1
F09 Wat wurd past der net tusken?	rein reis snie sinne	79	A1
F18 Wat wurd past der net tusken?	hjerst maitiid july simmer	78	A1
F20 _____ ús no!	help helpe helpt holpen	76	A1

F07 Hoe let is 1.30 oere?	healwei ienen healwei twaen ien en in healoere tretjtjin oere	74	A1
F19 _____ do dat dan ris in kear!	Doch Die Dien Dwaan	72	A1
F31 Jim kinne wol nei hûs _____.	fytsen fytst fytse fyts	68	A2
F32 Ik mei fan ús mem net _____ yn de winkelstrjitte.	fytse fytst fytsen fytsend	63	A2
F47 Wat wurd past der net tusken?	fytse holle ride rinne	63	A2
F33 Wy sille moarn by ús pake en beppe _____.	yt ite iten itend	62	A2
F48 Wat is it tsjinoerstelde fan 'oaremoarn'?	earjuster hjoed justermoarn moarn	61	A2
F12 Wat is it tsjinoerstelde fan 'juster'?	earjuster hjoed moarn tsjintwurdich	60	A1
F21 Wat ferlytsingswurd* is ferkeard?	blomke klokje kopje leppeltsje	60	A2
F34 Juster _____ ik tsiis op de bôle.	die dien doch dwaan	60	A2
F45 Hy hat it net drok; hy hat it wol _____ tiid.	by de yn oan op	60	A2
F46 Wat is it tsjinoerstelde fan 'wurch'?	sûnder sliep sûnder wearde útrêst útteld	59	A2

F29 Ik wit net _____ hy dien hat.	wat hokker dit dat	55	A2
F26 By wat wurd is it iental* ferkeard oanjûn?	skoen bear bern skiep	53	A2
F36 Mei in soad lijen haw ik de ko wer _____.	fangt fangen fongd fongen	53	A2
F49 Wat is it tsjinoerstelde fan 'nije wike'?	âlde wike dizze wike fan 't wike ferline wike	53	A2
F37 Hy hat him net út _____.	laitse laitsje lake laket	52	A2
F25 By wat wurd is it meartal* ferkeard oanjûn?	stoelen skoallen hoeken boaten	51	A2
F35 Hy wist net oft er dat wol fan syn mem _____.	keapje mocht kocht mocht mei keapje mocht keapje	51	A2
F50 Dy grouwe auto is _____te grut foar dy garaazje.	fier fiersten folle fols	51	A2
F51 Wat betsjut 'grutsk op'?	jaloersk op skamje foar ûngerêst oer wiis mei	50	A2
F23 Wat ferlytsingswurd is ferkeard?	foetsje húske skyfke stedsje	46	B1
F41 Ik moat myn fyts _____.	fine kinne fûn kinnen kinne fine kinne fûn	45	A2
F52 Syn heit en mem hawwe him net goed _____.	grutbrocht grutmakke opfierd opfoeden	43	B1

F59 Hy wie ôfgrysluk _____ nei it sjen fan dy spannende film.	opwynd opwine opwinend opwûn	41	B1
F39 De motor _____.	begjint samar te rinne begjint samar te rinnen gie samar rinnen giet samar rinnen	40	B1
F53 Wat is it tsjinoerstelde fan 'besykje'?	besite bringe jin ynspanne oerjaan prebearje	39	B1
F54 Wat betsjut itselde as 'nea'?	dit kear net foar alles foar altyd noait in kear	38	B1
F22 Wat ferlytsingswurd is ferkeard?	doartsje eachje stjerke wurdsje	37	B1
F57 Wat wurd(en) betsjut(te) itselde as 'ferneamd'?	hiel bekend hielendal fergetten yynnimmend ûnbekend	37	B1
F42 Hoe hast dat no _____?	dien kinne dien kinnen dwaan kinnen kinne dwaan	35	B1
F56 Oan no ta gie it ferkeard; _____ moat it wol better.	dêrfoar doe earder tenei	35	B1
F24 Wat ferlytsingswurd is ferkeard?	bôltsje fearke húske stuoltsje	34	B1
F40 Wat past der net tusken?	Hy prate Jim stappe Sy kapte Wy fytsten	34	B1
F55 Wat wurd past der net tusken?	bot net nochal tige	33	B1

F27 Wat meartal past der net tusken?	beammen bern skiep skuon	30	B1
F58 Jantsje, Pytsje en ik gienen _____ nei de winkel ta.	allinnich mei-inoar mei syn beiden tegearre	29	B1
F30 Syn kompjûter hat in grut _____.	toetsebord toetseboard toetseboarde toetseboerd	29	B1
F44 De fuotbalclub hat dat _____.	kinne winne kinne wûn winne kinne winne kinnen	29	B1
F60 Wat wurd past der net tusken?	dreech slim snoad swier	29	B1
F38 De man hie sjoen dat de jonge it hiele ein ____.	fytse hie fytst hie hie fytsen hie fytst	23	A2
F43 De man hie it net fan himsels, mar hat it _____.	hearre sizzen sein heard sizze hearren sizzen heard	23	B1
F28 By wat wurd is it meartal ferkeard oanjûn?	deien kij manlju wegen	22	B1

De Cronbach's alfa fan de ferskillende itemsets

A1 (n=20)	0,83
A2 (n=20)	0,87
B1 (n=20)	0,74
A1 + A2 + B1 (n=60)	0,91

